

Redaksjoneel + Ynhâld Ensafh 1, 2020

Redaksjoneel

It is net oars. Ik bin rûzich yn 'e holle no't ik dit redaksjoneel skriuw. Dit is it earste nûmer fan 2020. It begjin fan wer in jiergong. It moaie fan in leafhawwerij, in passy is dat dy jin net loslit. In leafhawwerij, in passy tilt jins libben op. Dei oan dei lûk ik nei literatuer ta, lûkt literatuer oan my. Ik moat lêze, ik moat skriuwe. En mei-inoar in nij nûmer fan Ensafh meitsje. Jierren oanien. En altyd wer hoopje dat de lêzers fan it blêd der wat yn fi ne dat harren pakt. Hoe moat men soks neame? Dwylsin, fêsthâldendheid, dûnsje boppe de wolken, jinsels yn 'e wrâld pleatse? Hoe't men it ek neamt, it kloppet. Mar gjin beneaming is slutend. Wannear is literatuer op syn moaist, op syn bêst: ast der net hielendal in fi nger achter krije kinst. Dat kinst ek oars sizze: as de wurden dy oan it hier lûke, mear net; ast besefst datst beheind bist yn alles; ast bûten dysels brocht wurdst ; ast meinommen wurdst as yn in tsjoen.

Wat skriuwt Catharina Lautenbach dêr op s.19: 'Hy swaaide de bile omheech, klear om ta te slaan. It koste heechút twa sekonden, skatte er. It grutste risiko siet him deryn, dat hy net op tiid wekker wurde soe.'

Wat skriuwt Syds Wiersma dêr op s. 23: 'Mar skipper en spylman / yn 't bloed, net boud om dêr te ierdzjen dochs?'

Wat skriuwt Ydwine van der Veen dêr op s. 35: 'Beide úteinen fan de grutte steech wiene ôfsluten mei in ruskfrijstielen hikke. Ik haw troch de spilen gluarre as in bûtensletten fi nzene.'

Sa begjint Gerrit Langerhof syn ferhaal op s. 42: 'Gerben van der Graaff wie in heechbejeftige jonge, mar troch de domme ûnderwizers op syn legere skoalle waard dat net ynsjoen, dêrom gong Gerben nei de legere skoalle nei de LTS. Dêr hienen de leararen likemin yn de rekken hokker fl eis se yn de kûpe hienen. Op syn sechtjinde gong Gerben, hoewol offi sjeel noch learplichtich, fan skoalle ôf. Dêrnei kamen syn talinten gau ta ûntwikkeling.'

Wat skriuwt Henk Nijp dêr op s. 53: 'noch hieltyd omdoarmje, broazeljende loftkastielen / of stúmsk ôfskied nim fan fersmiten jierren.'

Wat skriuwt Anne Feddema dêr op s. 57: 'De leafde fan in mem / Is grutter as revolúsjes en / Fansels juwielen.'

Dit nûmer set útein mei trije resinsjes fan hiel ferskillende boeken *Yn eigen taal*, in biografy oer Anders Minnes Wybenga, de nije roman, *Tsjûgen fan 'e macht*, fan Gysbert Japicxpriis-winner Aggie van de Meer en it jubileumboek *Nearnewâld* fan it Skriuwersboun. Resinsjes binne in oertochte reaksje op in mei ynmoed skreaun boek. Mar eins mear. In resinsje is wer in nije kreaasje. Nijsgjirrich. Yn in mail oan de redaksje skreau Oene Spoelstra, ien fan de besprekkers, oer syn ideale wize fan besprekken: 'Ik besykje myn besprekken in breder karakter te jaan as allinne de ynhâld fan it boek... Ik skriuw it leafst in lyts essee dêr't it boek dan in mear of minder grut plak yn kriget. Dat neam ik dan mar mei in djoer wurd myn 'poëtika'.'

Piter Boersma

Ynhâld

3 Redaksjoneel

5 Jan Ybema

'En as ús dwaen út God is, dan scil it net wei wirde'

9 Geart Tigchelaar

Tsjûge fan gâns taalmacht

13 Oene Spoelstra

In stapstien yn de tiid

19 Catharina Lautenbach

De bile fan Jagersma

23 Syds Wiersma

Altyd tocht

26 Margreet de Jong

Oan de oare kant

27 Jelle Wybrandy

Oan wjerskanten fan de Styx

28 Elmar Kuiper

Tip tap top

34 Ydwine van der Veen

Myn stilste sneon

39 Michael Augustin

Dit ferhaal

Menear Lehmensieck

Lektuer

40 John Bosma

Tsjin elk oannimlik bod

41 Nyk de Vries

Westereen

42 Gerrit Langerhof

De dea as kadootsje

52 Pieter Postma
Foto

53 Henk Nijp
skansearre dagen

54 Anne Feddema
Ciao tutti
Diadeem
Underweis

59 Piter Boersma
It libben fan Fimme Lap (2)